


# De Twirre

---



maart 2019



---

Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

---

**De Twirre**, 36e jiergong nr. 1: maart 2019. De Twirre is it fearnsjersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 maaie by de redaksje.

## **Bestjoer Freonen Fryske Kultuer**

---

Foarsitter	Siebe Hiemstra <a href="mailto:totzondag@gmail.com">totzondag@gmail.com</a>	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmiento 18, 7161 KH Neede <a href="mailto:a.hoekstra1@lijbrandt.nl">a.hoekstra1@lijbrandt.nl</a>		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn <a href="mailto:pj.hoogendoorn@planet.nl">pj.hoogendoorn@planet.nl</a>		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer <a href="mailto:gpvdveer@gmail.com">gpvdveer@gmail.com</a>		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus <a href="mailto:grijshengelo@gmail.com">grijshengelo@gmail.com</a>		074 - 242 7217
	Joukje Eringa <a href="mailto:joukje.eringa@gmail.com">joukje.eringa@gmail.com</a>		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo <a href="mailto:lj.bonhof@hotmail.nl">lj.bonhof@hotmail.nl</a>		

Webstek Frysk Boun om Utens: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

## **Lid fan de krite**

---

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres. Rekkennûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 Freonen Fryske Kultuer.

## **Wolkom nije leden**

---

As nij lid fan de krite hawwe har opjûn frou Riki Vissia út Enschede, de hear en mefr. Katsma út Borne en frou Wil Peters út Swolle.

Wy hoopje dat se it by ús nei't sin ha sil. En graach oant sjen op ien fan de kritejûnen.

## Belangrike data

---

**Freed 8 en 22 maart** Repetysjes fan de Twirresjongers fan 9.30 - 11.30 oere. Plak: De Waterstaatskerk, Deldenerstraat 18, Hengelo. Nije koarleden fan herte wolkom!

**Freed 29 maart** Kritejûn yn seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Mei sjongploech "Sânman en Sikke". Oanfang: 20.00 oere.

**Septimber** Kritereiske.

**Okt/nov.** Kritejûn mei toaniel of kabaret.

### **Langstme** (Gjalt Huizinga)

*O, grize grauwe winterdei  
dyn azem stiet my tsjin  
do nimst my alle wille wei  
ik ha myn nocht sa skjûn.*

*Ik sjoch sa nei it foarjier út  
mei loft en klear en blau  
nei minsken mei in bliere snút  
drom skeppend yn de bou.*

*Ik ha sa'n langst nei 't fûgellûd  
fan skries en ljip en ljurk*

*nei hynstebloom en wetterkrûd  
en nei in simmerjurk.*

*Ik mis it waarme sinneflocht  
dat wolken fier ferdriuwet  
en dat myn hert wer sjongen docht  
omdat it der yn leauwt.*

*Hjoed byn ik my noch wol wat yn  
al wurdt it hast tefolle  
mar sjoch ik moarn de sinneskyn  
dan ha 'k de maitiid yn 'e holle.*

## Famyljeberjochten

---

Op 1 jannewaris is de hear Hinne Rijpma út Haaksbergen stoarn. Rijpma wie al lang lid fan de krite. Hy wie geboren yn Snits en is 83 jier wurden. Op 23 febrewaris is ús kritelid Dora Bootsma út Oldenzaal ferstoarn yn de âldens fan hast 89 jier. Sa'n 25 jier lyn doe't se mei pensjoen gie, hat se op Fryske les west en is doe ek lid fan de krite wurden. Hja wie fan't hjerst ek noch mei it reisje mei. Wy winsje de neibestanden sterkte.

## Jiergearkomste op 26 jannewaris

---

### **Hûs fan stilte** Tjits Peanstra (1924 - 2014)

*Lit ús in hûs fan stilte bouwe,  
mei muorren fan leafde  
en in dak fan frede,  
mei keamers fol blydskip  
en in tún,  
in tún  
mei wat ljocht  
en wat skaad,  
mei wat sjongende fûgels  
en in slûgjende kat op it paad.*

*Lit ús in hûs fan leafde bouwe,  
mei muorren fan begryp  
en in dak fan fertrouwen  
en in hiem om te sintsjen  
en keamers,  
keamers  
om yn te ferdwinen,  
elkoarren te sykjen,  
elkoarren te finen.  
Lit ús in hûs fan stilte bouwe.*

Mei dit gedicht iepenet foarsitter Siebe Hiemstra de gearkomste. Foar dy tiid ha we elkoar al in lokkich nij jier ta winskje kinnen en der is kofje of tee mei oranjekoeke. We sjonge it Fryske folksliet mei begelieding fan Thijs Schaap op de akkordeon. De Twirresjongers, ûnder lieding fan Hidde Walstra, sjonge dêrnei twa ferskes: “Op it iis” en “Fryske sang”, ek mei begelieding fan Thijs. It ferslach fan de foarige jiergearkomste en it jierferslach wurde goedkard. De jildsaken binne troch de kaskommisje neisjoen en ek yn oarder. Ponghâlder Paul Hoogendoorn wurdt mei hantsjeklappen désjarzje ferliend. Yn it bestjoer is Auke Hoekstra ôftredend, mar wer-

kiesber, dus dy giet noch even troch. Remke van Marle is ek ôftredend, mar sy is net werkiesber. We nimme ôfskie fan Remke as bestjoerslid mei blommen en applaus. Remke sil noch wol soargje foar it ferstjoeren fan de Twirre. As earste aktiviteit fan de krite stiet no de kritejûn op freed 29 maart op it programma. De sjongende manljusploech *Sânman en Sikke* komt dan by Vrieler. Der wurdt noch socht nei in toanielstik foar de kritejûn yn de hjerst. Foar it kriteriske komme út de seal ferskate reisdoelen nei foaren. As datum foar it reisje graach wer yn begjin septimber. Foarich jier wie it reisje wat let yn 'e tiid, al ha we it doe o sa troffen mei it

waar. It bestjoer, en benammen Grieteke van der Veer, sil der mei oan 'e gong. Dus letter mear yn-formaasje.

Der binne no twa lêsgroepkes ûnder lieding fan Eeke de Boer. Eeke fertelt dat it goed rint en dat beide groepkes mei 7 persoanen ek wol fol sitte. De Twirresjongers ha in oare repetysjeromte. It koarke repeatret no definityf yn in romte achter de Waterstaatskerk yn Hengelo. Paul Hoogendoorn hat der drok mei west om dat te regeljen. It koar oefenet twa kear foar in kritejûn. Hidde Walstra is de dirigint. By it omfreegjen wurdt frege oft der yn de kommende hjerst wol in kritejûn komt. Neffens it bestjoer is dat seker de bedoeling. Om in stikje oer in kritejûn yn in krante te krijen, falt net ta. Yn de Bijlage "Uit in Twente" komt in berjochtsje faak wol te stean. En sneont-

moarns op Radio Oost. Tinkt it bestjoer der oan dat de krite yn 2020 40 jier bestiet? As je wat bysûnders ha wolle, moat dat op tiid besprutsen wurde.

Nei it skoft fertelt foarsitter Siebe Hiemstra oer syn fytstocht nei Israël. Siebe hat dy reis makke yn 1996. Oanlieding wie it ferhaal fan in dûmny út Nij Beerta dy 't deselde tocht yn 1936 makke hie. Siebe lit moaie dia's sjen en fertelt syn ferhaal mei humor. Hy fytste troch Dútslân, Poalen, Roemenië, Bulgarije, Turkije, Syrië en Jordanië. De tocht duorre trije moanne en wie 5000 km lang. De minsken ûnderweis wiene oeral o sa freonlik en hiel gastfrij. Nei ôfrin kinne wy noch it boek fan syn reis keapje: "Pelgrim naar Jeruzalem". Mei hantsjeklappen wurdt Siebe betanke foar dizze moaie lêzing.

□ Ali Bonhof



## Even puzelje

---

De oplossing fan de foarige puzel wie: GLYDZJE. No is sa'n puzel net sa moeilik, as je de betsjutting by in moai Frysk wurd út in oantal mogelijkheden sykje kinne. It is folle moeiliker as je dat moaie, faaks al wat ferâlderre, Fryske wurd sels betinke moatte.

Dochs ha'k no sa'n puzel makke. De begjinletters fan de wurden foarmje de namme fan in doarpke oan de Ie tichtby Ljouwert. En om jimme noch wat mear hâldfêst te jaan: ik ha twa rychjes omskriuwingen makke; by beide giet it dus om itselde doarp. It tal letters fan de frege wurden stean tusken heakjes. □ Eeke de Boer

### It earste rychje:

- .... (6) groeie
- .... (8) troch en troch,  
yn hert en siel
- .... (11) ynteressant
- .... (8) motreine

### It twadde rychje:

- .... (8) barometer
- .... (5) pittich famke,  
ûndogenske jonge
- .... (5) oars as gewoan
- .... (8) lucht yn en út de longen litte

## Telefoan

---

In poerfrjemde frou sei foar de telefoan: “Ik moat jo hielendal net ha. Ik ha Boersma skille”. Se wie wat koart. Net oars as wie't myn skuld en woe se sizze “As ik Boersma skilje, wat dogge jo der dan foar?”

Sûnder omwegen gyng se rjocht op it doel ôf. Ik moat Boersma ha. It wie neat minder as in befel. Op in toan fan: Kom my net mei praatsjes oan, Boersma.

Foar my wie der suver moed foar nedich om te sizzen dat ik oan Boersma gjin kunde hie. “Wat sizze jo my dêr? Ik skilje him ommers, man. Hoe soenen jo him dan net kenne?”

Mei ferdrach wiisde ik har op 'e mooglikheid dat se faaks in ferkeard nûmer draaid hie. “Hoe krije jo it yn 'e holle man. Ik ha it telefoanboek hjir foar my te lizzen. Ik bin noch net yn myn bernskens. Miene jo dat ik net lêze kin?”

Dêr siet ik. Langer prate soe sin noch doel ha. Der bleau my mar ien mooglikheid oer. Och sa hoeden en foarsichtich ha ik de hoarn der wer op lein. Ik woe dy frou net graach noch lilker meitsje as se al wie.

□ Paulus Akkerman út “Wat wie 't wat”

## It kin net

---

Humor feroaret blykber. It taalgrapke “*It kin net*” dat troch Hollanners opfette wurdt as “het kan net wel”, is eins te flau foar luzen. Dochs wurde krekt dit soarte fan njoggentjinde-iuwske sechjes rekkene ta it type ferhaal dat oarspronklik út Fryslân komt. It grapke is ommers daliks ferbûn mei de taal dy’t hjir sprutsen wurdt.

“Fries is een mooie taal, maar Sonnema begrijpen we allemaal.” De orizjinele útwurking fan dit folksferhaal waard yn Nederlân in grut súkses. No, toe dan mar, noch ien sa’n taalgrapke:

Buorman A hat spul mei buorman B oer rjocht fan reed.\*

Fan argewaasje slacht buorman A in peal yn de reed. “Dy ferfelende buorman sil der net mear lâns!”

Buorman B ropt de help yn fan de rjochter. Tsja, mar dan moatte jo wol Hollânsk prate. Jo fiele him al. “Mijn buurman heeft een paal in mijn reet geslagen.” En dochs hawwe de njoggentjinde-iuwers hjirby ûnder de tafel lein fan it laitsjen.

□ G. v.d. Meer, út it kriteblêd fan Súdeast Drinte  
(\**rjocht fan reed* = *recht van overpad*)

## Wysheden út it Bûsboekje 2019 mei as tema famylje

---

- Fan de famylje moastst it hawwe.
- Sa ’t de âlden sjonge, sa piipje de jongen.
- Mei famylje moat men libje as freonen en rekkenje as fijannen.
- Alden leare de bern praten, bern leare de âlden swijen.
- Beppe sei tsjin de frou mei jammerklachten: “Ho, no mei ik.”
- De iene hat sin oan de mem, de oare oan de dochter.
- Tefolle is tefolle en te min is te min sei de man: it wiif trije bern en it skiep mar ien laam.



## De Stellingwerven

De Stellingwerven binne in diel fan Fryslân, mar hawwe in eigen taalgebrûk, it Stellingwarfs. Dit komt trochdat it gebiet oarspronklik net under Frylân foel, mar ûnder it Nedersaksysk taalgebiet.

De Stellingwerven waarden foar de earste kear yn 1309 beneamd. It gebiet foel doe ûnder de Biskop fan Utert, lykas Drinte. Mar wol as in tige selsstannich gebiet. It 700 jier-rich bestean waard dan ek yn 2009 fierd.

It wurd stellinge bestjut doarpsrjochter, sadwaande de namme. Yn 1504 sletten de Stellingwerven har by Fryslân oan, omdat Fryslân doe folle riker wie. Yn de rin fan de tiid is in opdieling tapast yn twa Grieternijen: East- en West-Stellingwerf mei as haadstêden Easterwâl-

### **Stellingwarfs Volkslied**

*(tekst: Hendrik Johannes Bergfeld)*

*In't Stellingwarver laandschop  
Mit greide, bouw en struuk  
Mit wallegies en heide,  
Mit overhoold gebruik  
Mit essen en mit maoden  
Mit vaorten sluus an sluus  
In't laand van Lend en Kuunder  
Daor vulen wij oons thuus.*

*Wij bin gien echte Friezen  
Mar ok gien Drenten meer  
Mar in oons dörp of buurtschop  
Daor helpen wij mekeor  
En waar wij ok belanen  
Dr blift een sterke baand  
Mit oons geboorteplakkien  
Oons Stellingwarver laand  
Mit oons geboorteplakkien  
Oons Stellingwarver laand.*





de en Wolvegea. Beide gemeentes hawwe no sawat 25.000 ynweners.

De taalgrins is de Tjonger (yn it Frysk), of Kuunder (yn it Stellingwerfs). Nei de tiid fan de feanderij mei de turfwinning, wie der in soad earmoede yn dizze kontreien. Foaral yn Noardwâlde waard dêrom de rotan yndustry opsetten. Dat brocht in tiid lang goed wurk

en fertsjinst. Tsjintwurdig is der allinnich noch mar in museum fan oerbleaun, yn de eardere “Rietvlechtschool”.


It Stellingwerfs as taal is net mear sa folle yn gebrûk, mar der binne moaie gedichten te finen, ûnder oaren it gedicht dat hjir boppe stiet, it Stellingwarfs Volkslied fan Hendrik Johannes Bergfeld.

□ Hendrik Tel

## Fryslân op'e kaart: gemeenten yn 2019

Allinnich de eilânnen en de Wâlden binne noch sa't it wie.

- |                        |                        |                        |
|------------------------|------------------------|------------------------|
| 1 = East-Stellingwerf. | 7 = Tytsjerksteradiel. | 13 = De Fryske Marren. |
| 2 = West-Stellingwerf. | 8 = Dantumadiel.       | 14 = Ljouwert.         |
| 3 = Opsterlân.         | 9 = Noardeast-Fryslân. | 15 = Flylân.           |
| 4 = Hearrenfean.       | 10 = Waadhoeke.        | 16 = Skylge.           |
| 5 = Smellingerlân.     | 11 = Harns.            | 17 = It Amelân.        |
| 6 = Achtkarspelen.     | 12 = Súdwest-Fryslân.  | 18 = Skiermûntseach.   |



## Freed 29 maart, Sânman en Sikke by Vrieler

---

Op freed 29 maart sil de fokale mânljusploech “Sânman en Sikke” foar ús optrede yn seal Vrieler. Wy tinke dat it in hiele nijsgjirrige kritejûn wurdt. Sânman en Sikke hat syn oarsprong yn Warkum. Yn 1994 is de ploech oprjochte troch Siebren Kramer. It like him prachtich ta om mei mannestimmen mearstemmige muzyk te meitsjen yn alle tinkbere stilen. Sûnt dat prille begjin, mei as earste oefenromte skipswerf “De Hoop” yn Warkum, wurket de ploech oan in bysûnder farieard repertwaar.

De ferskate soarten muzyk, fan Barbershop oant Beatles en fan Gospel oant Westcoast, soarget derfoar dat it publyk him gjin momint hoecht te ferfelen. Ek de eigen Fryske nûmers en de ynformele presentaasje drage by ta de identiteit en de útstrieling fan de ploech. Ut it grutte oantal optredens yn de provinsje, mar ek dêrbûten, blykt wol dat de sound fan Sâman en Sikke by in grut publyk yn de smaak falt.

De ploech bestiet út de mânlju: Tsjamme, Siebren, Robert, Peter, Klaas-Pieter, Klaas, Foppe en Barend. [www.sanmanensikke.nl](http://www.sanmanensikke.nl)



**Freed 29 maart: Sjongploech “Sânman en Sikke” yn Seal Vrieler, Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00 oere. Yntree: leden fergees; net-leden 9,50 Euro; studinten 5,00. Mei in gesellige ferlotting. Gjinn ferfier? Ha jo gjinn ferfier of sjogge jo der tsjinoan om yn it donker te riden? Belje dan even mei Grieteke van de Veer 074 - 2918564 of mei Paul Hoogendoorn 074 - 2777121.**

## De Karmel yn Wâldsein

---

Yn it foarjier fan 2009 waard de Karmel yn Wâldsein keazen ta de moaiste tsjerke yn Fryslân toch harkers fan it Radio programma “Plaza” fan de NCRV. De Gertrudistsjerke yn Warkum en de doarpsstjerke fan Engwierrum moasten belies jaan. De tsjerke datearret út 1873, mar de namme ferwiist nei in folle fierder ferline. Yn 1337 stiften karmeliten in kleaster yn Wâldsein. Doe ’t Fryslân yn 1580 offisjeel oranjegehind en protestant waard, ferdwûnen de kleasters en waarden katolike tsjerken brûkt foar de ferkondiging fan it evangeelje nei “de nije lear”. Yn 1600 is de tsjerke ferfongen troch in nije, mar dy wie yn it begjin fan de 19e ieu al o sa boufallich wurden. Ut argyfstikken blykt dat “de muren naar eene zijde hielden, de deuren van de banken klemden en bij stormwind gingen de kroonluchters heen en weer”. Dat der wie wer in nij gebou nedich.

Dat waard de wettersteatstsjerke Karmel. Yn 1824 hie kening Willem I nammentlik bepaald dat tsjerken allinnich boud of ferboud wurde mochten nei keninklike goedkar. De útfiering fan dit beslút waard opdroegen oan de ministers fan Binnenlânske saken, Iepenbiere wurken en Wettersteat. Yn ’e praktyk betsjutte it dat yngenieurs fan Rykswettersteat de ûntwerpen leveren en tasicht holden. Fandêr de namme wettersteatstsjerke. De measte fan dizze wettersteatstsjerken binne yn de earste helte fan de 19e ieu boud yn de neo-klassistyske styl dy’t doe yn ’e moade wie. Derby waard in soad gebrûk makke fan hout en pleisterwurk. De Karmel is in moai foarbyld fan dizze styl. De Karmel: Ald tsjerkhôf, Wâldsein.

□ Oernommen út: “200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben”  
fan Annemarie Bergfeld

NB! Yn Hengelo stiet ek sa’n Wetterstaetstsjerke, de Waterstaatskerk oan de Deldenerstraat. Yn in romte achter dy tsjerke repetearje de Twirresjongers no.

## Reisferiening “De Fryslannen”

---

Alle jierren fersoarget reisferiening “De Fryslannen” in busreis nei East-of Noard-Fryslân yn Dútslân. Dit jier is de reis fan 18 oant en mei 24 maaie. Op it reisprogramma stiet û.o. Westhede, ite mei Noard-Friezen, Husum (Theodor Storm museum), Friedrichstadt, it waadeilân Amrum, Cristiansfeld en Kolding yn Denemarken. Oanmelding wie eins foar 1 maart. Ynformaasje by skriuwster fan de feriening: [dbpoel@ziggo.nl](mailto:dbpoel@ziggo.nl)

## De skries Amalia

Tinke jo dat skries Amalia neamd is nei prinsesse Amalia, dan hawwe jo it mis. Dizze steltrinner hat syn namme te tankjen oan de stêd Santa Amalia yn Súd-Spanje, ien fan de plakken op de trekrûte fan de skries. De skriezen út Noardwest Europa hawwe foar njoggentich prosint har briedplak yn Nederlân. Amalia briedt alle jierren yn Fryslân; yn in stik greide flakby Britswert. As de globetrotter dêr oankomt, hat dit mantsje al in tocht fan sa'n tsientûzen kilometer achter de rêch. Syn rûte? Senegal, Sahara, Marokko, Spanje, Frankryk, Britswert. En wat sa bysûnder is; syn fleanskema is al fiif jier, hast op 'e dei ôf, itselde. Sa ûnduts de Ryksuniversiteit fan Grins, dy't ûndersyk docht nei de skries. It selde jildt foar syn wyfke. Dat giet har eigen gong nei Europa, mar alle jierren, yn de twadde wike fan maart, treft it pear elkoar trou wer yn it Fryske greidefjild.

Amalia en noch njoggentjin oare skriezen binne yn 2013 fongen op in rysfjild yn 'e Spaanske Extremadura. Yn febrewaris binne yn dat Spaanske lânbougebiet grutte kloften skriezen te finen, wol seistûzen eksimplaren. De fangkâns mei in net is dan in stik grutter as hjir yn Fryslân. Alle tweintich skriezen krigen in stjoerderke mei. Allegear



yn it ramt fan it ûndersyk fan de Ryksuniversiteit fan Grins. Dy sammelet materiaal oer dizze fûgel omdat dy amper mear oerlibje kin yn Europa. Reden: lan dêr't it wetterpeil keunstmjittich fan leech hâlden wurdt, in tekoart oan blommen en dus ynsekten yn 'e greide. En foksen dy't de fûgels en de aaien graach meie. Op 'e site fan "Kening fan 'e greide" kin eltsenien it hâlden de dragen fan Amalia en noch folle mear skriezen folgje. In nijsgjirrige fraach wie wêr't dizze tweintich skriezen no úteinlik briede soene. Op in fêst plak dus. Amalia hat al fiif jier syn greide by Britswert.

- Gerbrich van der Meer, oernommen út it kriteblêd fan Súdeast Drinte

## Nijs út Fryslân

---

**Jier fan de memmetalen.** De Feriene Naasjes hawwe it jier 2019 útroppen ta “*The International Year of Indigenous Languages*”, it ynternasjonale jier fan de memmetalen. De start fan de IYIL - kampanje is yn jannewaris begûn yn Parys. It hiele jier troch sil omtinken frege wurde foar de lytse talen. De kampanje moat helpe by it promoatsjen en beskermjen fan bedrige memmetalen en sil bydrage oan it berikken fan de doelstellingen fan de Feriene Naasjes. De Afûk is hjirfoar ek frege nei oanlieding fan de aktiviteiten op it mêd fan lytse talen binnen Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018. Mei dizze gearwurking wurdt wrâldwiid omtinken frege foar lytse en bedrige memmetalen. Dêrneist wurdt kennis útwiksele oer taalpromoasje om bewustwurding te kreëarjen foar it belang fan it behâld fan talen.

**Dei fan de Alvestêdetocht.** Op 7 febrewaris wie it 8070 dagen lyn dat der in Alvestêdetocht hâlden is. Dat is it langste skoft dat der gjin tocht ferriiden wurde koe. De lêste tocht wie op 4 jannewaris 1997. Jurryt van de Vooren, skriuwer fan it boek “8070 Dagen”, hat betocht om tenei de datum 15 jannewaris te beneamen as “Dei fan de Alvestêdetocht” De earste eksimplaren fan syn boek binne útrikt oan Henk Angenent en Klazina Seinstra, de winners fan 1997. De earste “Dei fan de alvestêdetocht” is op 15 jannewaris 2020. De Keninklike feriening De Friesche Elfsteden is oprjochte op 15 jannewaris 1909. Op 8 febrewaris wie op lânlike televyzje in nijsgjirrige dokumentêre te sjen oer de feriening, dy’t it hiele jier troch dwaande is mei de tarieding foar de “Tocht der tochten”. Se binne der altyd klear foar. Want as it iis ien kear sterk genôch is oer de hiele rûte, moat alles yn in pear dagen regele wurde.

**De Iselmarkust wurdt fersterke.** It Ryk en de Provinsje ynvestearje 17 miljoen euro om de Fryske Iselmarkust te fersterkjen. It jild is ek bedoeld om de kust oantrekliker te meitsjen troch bygelyks nije fytsrûtes oan te lizzen en bettere plakken foar wettersporters en kitesurfers en it belibjen fan kultureel erfgoed. De oanpak fan de Iselmarkust is nedich om ’t it wetterpeil yn de Iselmar feroaret. Mooglik brokkelje natuergebieten en strannen ôf. By Hylpen sil it Badpaviljoen opknapt wurde en by Warkum wurdt û.o. de mooglikheid foar kitesurfers en wettersporters ferbettere. Yn Gaasterlân sille se oan de gong by de strannen fan it Murnzer klif en de Hege Gerzen en by Laaksum en de Mokkebank wurdt de natuer ferbettere. Yn 2021 en 2022 moatte de projekten útfierd wurde. □

(advertinsje)



FRI  
ESM  
USE  
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

#### **iepeningstiden**

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

#### **besykadres**

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op [www.friesmuseum.nl](http://www.friesmuseum.nl).

## Folkshegeskoalle Skylgeralân

Nei de Twadde Wrâldoarloch binne rûnom yn Nederlân folkhegeskoallen oprjochte. Dêr koene minsken elkoar moetsje, har ûntjaan en de eigen kultuer en identiteit belibje. De folkshegeskoalle Skylgeralân is hjoed-de-dei noch de iennige. Hiele generaasjes (Fryske) jongeren en folwoeksenen hawwe elkoar hjir moete en ynspiraasje opdien. Ek hjoed-de-dei komme minsken fan alle leeftiden en wynstreken hjir om te genietsjen fan de ynspirearjende aktiviteiten en ferdivedaasje. It is in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Ek is de Folkshegeskoalle in moai plak foar in skoalreiske, in

famylje- of bedriuwstapke of geuoan in noflike fakânsje. Deunby it Noardseestrân, oan Wrâlderfgoed Waadsee, leit Skylgeralân sintraal op it eilân yn de Hoarnse bosk. De akkomodaasje is boud op de fundeminten fan de *Atlantik-wall*, de bunkers út de oarloch. Dy bunkers ha no funksje as sliepkeamer of ytseal. Der is ek dit jier wer in breed oanbod fan nijsgjirrige kursussen op it mêd fan tekenjen, skilderjen, byldhouwen, muzyk, sang, dûns, natuer en lanskip, Fryske taal en kultuer en besinning. Steefêst binne der yn de simmer wer de Simmerkampen foar bern. [www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl)

### **Foarjier** Piter Jelles Troelstra (1860 - 1930 )

*Sjochste, hoe't de fiskjes sjitte  
Troch it wetter fan de mar?  
Sjochste, hoe't de dokes sitte,  
Hja neist him, en hy neist har?*

*Hearste, hoe't de fûgels floitsje,  
Lokjend, leavjend, yn it wâld?  
Hearst, hoe't leafdesangen rûze  
Troch de blide, jonge wrâld?*

*Sjochste 't, hearste 't - Faam, fernim dan,  
Wat ik net mear swije kin:  
Dat foar my gjin blommen bloeie,  
As ik dy net krije kin.*





## Resept

---

**Spinaazjesop mei Fryske droege woarst.** Genôch foar 4 minsken. In spinaazjesop mei in geweldige smaak! Ek foar fegetariërs in oanbefeling, mar dan sûnder woarst fansels.

*500 gram frisse spinaazje; 2 teantsjes knyflok; 1 sipel, yn ringen snien; 100 gram bûter; 2 dl rjemme, 5 dl bûljon; 2 bûljonblokjes; 1 droege woarst; 3 aaien foar rieraai.*

Raan de bûter yn in grutte panne (5 liter), mar lit dy net kleurje. Set it knyflok en de sipel licht oan en doch yn ien kear de rauwe wosken spinaazje derby. Draai it fjoer heech, sadat de spinaazje hielendal slinkt. Dêrnei kinne de bûljon en de rjemme derby. Meitsje it spinaazjesop mei in staafmikser fyn, alles wurdt dan moai grien. Lit it 4 minuten trochsiede en meitsje it gehiel dan lekker mei sâlt en piper út de mole of in bûljonblokje. It sop warm hâlde. Snij de droege woarst yn tinne stikjes en “swit” se oan yn de panne. Tink derom; net ferbrâne litte, mar krekt sa útbakke as spek. Slach de aaien stikken en rier se hielendal glêd. Krij in pankoekspanne, fjoer sûntsjes oan, aai deryn en krekt salang rierde oant alles stjurre is. Boarden warm meitsje yn in flauwe oven, leppelfol rieraai deryn, pear stikjes útbakte droege woarst en it hite sop yn de sopboarden jitte. Bôle derby jaan.  Oernommen út “Lekker ite mei Reitse”

## Tiden hawwe tiden

---

*Brulloftsje* waard it neamd: de húske-tonne leegje. De yn-hâld gie faak by de reberber. Yn it doarp waard de tonne ophelle, der kaam dan fuort in lege foar yn't plak, in doarke yn'e bûtenmuorre joech tagong ta it geheim fan it húske.





## Boekenijis

---

De Moanne fan it Fryske boek wurdt op sneon 2 maart iepene mei it Frysk Boekebal. It kadoboek dizze moanne is **Rosmos**, skreaun troch Willem Schoorstra. In spannende en humoristyske roman dy't him ôfspilet yn de ûnderklasse fan de maatskippij. In ferhaal oer frouljushannel, moard, loyalens en ôfkomst. Fergees by oankeap fan 12,50 oan Fryske boeken.

**Nei de top.** Seis ferhalen oer ferneamde Friezen. Wa't jongerein oanmoedigje wol Frysk te lêzen, kin net oankomme mei âldfrinzich spul of al te yngeande literêre ferhalen. Helden sprekke it measte oan, gjin inkele jongere wol ommers as in sokses einigje. Dêrom binne seis ferneamde Friezen, dy't allegear hiel wat berikt ha, foar dizze bondel keazen om jonge lêzers te ynspirearjen ek de top te berikken. Sa wurde Abe Lenstra, Grutte Pier, Escher en Doutzen Kroes, Eise Eisinga en Mata Hari yn dit boek beskreaun. *Priis: 8,50.*

**Underweis,** Bonne Speerstra. De skriuwer fertelt oer syn wurk as feekeapman. De tiid dat de keapman foar in soad boeren ek de bringer fan it nijs wie, is foarby. De boer fan no is faak better op 'e hichte as de keapman. Domme boeren bestean net mear neffens Bonne Speerstra. De measte boeren

fan no foar wa't er fee ferhannellet, hawwe hegere lânbuskoalle, in oantal hat in universitêre oplieding. Dat wie fyftich jier lyn wol oars. *Priis: 17,50.*

**In soarte fan bûgjen,** Geert Nauta. In mankelyk aard kin ta depresjes liede, mar uteret him soms ek yn kreative erupsjes. It oerkaam Geert Nauta út Wergea. Yn syn ferhale-bondel steane in oantal humoristyske ferhalen, mar Nauta sels jout de foarkar oan de mankelike en licht absurdyske ferhalen oer minsken dy't muoite hawwe om har steande te hâlden of dy't rarichheden úthelje om wat fan it libben te meitsjen. *Priis: 17,50.*

**Fete,** Skelte Braaksma. Op 1 febrewaris is yn Museum Dokkum dit stripboek fan Skelte Braaksma presentearre, it ferhaal oer de striid tusken de Skieringers en de Fetkeapers. It is it jier 1400 en it Fryske lân is fertize yn in anargistyske situaasje, wêryn't elk foar syn rjochten opkomme moat. De feodale struktuer dy't oeral yn Europa yn de midsieuwen oantroffen wurdt, ûntbrekt yn Fryslân folslein. It lân bestiet út lytse gebieten mei haadlingen oan it roer. Konflikten wurde faak útfochten troch in fete te fieren. Dat wurdt de Fryske frijheid neamd. Dy wurdt lykwols fan allekanten bedrige. □ **Ali Bonhof**

## Witte jo dat ...

---

- De earste maraton op natueriis ek dit jier wer yn Haaksbergen hâlden is? Op 21 jannewaris wie it safier. Spitich wie dat de top fan de maratonriders op dat stuit al yn Eastenryk wie foar de alternative Alvestêdetocht op de Weissensee. Yn dy wike wiene ferskate oare iisbanen yn Twente ek iepen.
- Maart de moanne fan de streektalen is?
- It wurd “blokkeerfries” útroppen is ta “woord van het jaar 2018”? It wurd waard earst denigrearjend brûkt yn de ferslachjouwing fan de rjochtsaken omtrint it tsjinhâlden fan bussen mei demonstranten tsjin swarte Pyt yn 2017, mar letter waard it mear in geuzenamme. Sille we it wurd oer ien of twa jier noch kinne?
- De NAM trije nije gasputten by Blije slaan wol om dêr oant 2050 ta 8 miljard kubike meter gas út de grûn te heljen? Tsjinstanners binne bang foar ierdbevingen en de gefolgen fan de *fracking*-technyk.
- Der ek by Aldegea (Sm) folle mear gas yn de grûn sit (350 miljoen kubike meter) as at earst tocht waard? Ek hjir is in aksjegroep om it mar moai sitte te litten.
- Yn de nijste Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer tusken ryk en provinsje ôfsprutsen is, dat yn 2030 alle basisskoallen in saneamd A-profyl foar it Frysk ha moatte? Dat betsjut minder of gjin ûntheffingen mear foar bepaalde saken.
- Der op de seedyk by Holwert in 5 meter heech stielen byld del set is fan in mûtel frommis? It hyt “wachten op hoog water”. De keunstner, Jan Ketelaar, makket ek noch sa'n byld fan in meagere frou. Se sille earst hân yn hân rinne, mei it gesicht nei it Waad; nei 5 jier wurde se in slach draaid en sjogge se inoar oan.
- Op 28 febrewaris it earste ljipaai fan 2019 fûn is? Noch nea hat it sa betiid west. It wie Eduard van der Hoek út Grou dy't by Vegelingsoard it nestke fûn.
- Minsken eartiids in mûdhûn yn'e reinwetterbak hienen? Yn de foarige Twirre fregen wy wat dat is. In mûdhûn is in fisk (Hollânsk: zeelt).
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De lêste kear hienen wy in moaie winterfoto fan Hegebeintum.



# fryske winkel

boek kado cd idee  
skiednis taal kultuer  
poëzij printeboek roman  
dvd kreamkado keunst  
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070  
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk  
tichtby

**afûk**

## *Echte Bakker Wouda Hengelo*

- Lekkere  
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda  
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58  
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09  
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

